

Mienskiplik reisje fan it Genealogysk Wurkferbân en de NGV afd. Friesland op 18 septimber 2021.

Op 18 septimber wie it troch it wurkferbân organisearre reisje fan beide genealogyske organisaasjes. Der wiene 44 besikers.

We wiene te gast by de Historische Vereniging Noordoost Fryslân en kamen byinoar yn de tsjerke fan de “Verenigde Christelijke Gemeente” yn Dokkum. Wy waarden wolkom hjitten troch de foarsitter fan de Historische Vereniging Noordoost Friesland. Twa sprekkers fertelden oer âlde gevels yn de Dokkumer binnenstêd en wat him der achter ôfspile.

As earste kaam **Siebe van Seijen** oan it wurd. Siebe is restauraasje-arsjitekt en fertelde oer bouskiednis, boustilen en hoe't de âlderdom fan in gebou bepaald wurde kin.

De gebouwen yn Dokkum binne te fergelykjen mei dy yn Grinslân en Dútslân en minder mei dy yn Flaanderen. De grins tusken de Flaamske en Dútske ynfloed leit earne tusken Dokkum en Ljouwert. Foaral it brûkte hout is wichtich foar in goede datearring fan in gebou. Foar 1560 waard der eins allinne mar ikehout brûkt, nei dy tiid ek fjurrenhout. Nei de oergang nei de republyk waard der frijwat boud yn Dokkum. Oan it jerringenpatroan kin in balke aardich krekt datearre wurde. Foar dit saneamde dendrologysk ûndersyk waard mei in boor in stikje út in balke helle en dat waard dan opstjoerd om datearre te wurden.

De âldste gebouwen binne boud mei grutte bakstiennen, de saneamde rooswinkels, read fan kleur en in bytsje lytser as kleastermoppen. Dizze gebouwen ha faaks in hege steile kappe en bôgen boppe de krúskezinen en wiene fersierd mei listen fan sânstien. We krigen sa aardich wat ynsjoch oer hoe't in gebou datearre wurde kin.

Nei it skoft kaam **Piet de Haan** oan it wurd.

Hy fertelde oer de bewenning yn Dokkum. Oant 1925 lei Dokkum alhiel binnen de grêften fan de festing. Alles bûten de grêften hearde by East-Dongeradiel of Dantumadiel. By ûndersyk moat men dêr rekken mei hâlde. Yn de reëlkohieren wie Dokkum yn 4 wiken ferdield.

Yn it súdlike part fan de stêd wennen foaral de skippers en wiene de werven en oare bedriuwen.

Mei it kadaster fan 1832 as útgangspunt kin in strjitbyld makke wurde. Mei help fan ynformaasje út keapakten en oare dokuminten kinne je dan werom yn de tiid gean en fêststelle wa't wannear en wêr wenne. It meitsjen fan sa'n histoarysk strjitbyld kostet in protte tiid, mar it smyt ek in protte ynformaasje op, dy't ek wer by oare ûndersiken brûkt wurde kin.

Ta beslút koe, wa't dat woe, mei de beide sprekkers in kuier troch de stêd makke wurde om sa wat der ferteld wie yn de stêd te besjen.

We kinne weromsjen op 2 nijsgjirrige lêzingen en in moaie kuier troch Dokkum. Al mei al in slagge reisje en iepening fan in nije seizoen. Beide lêzingen sille ek op de webside www.hvnf.nl publisearre wurde, sa dat elkenien se der nochris neilêze kin.

Ferslach **Rinse Spits**, foto's **Tineke Hartman**.

